

Hans Brans

Dochsto

it ljocht

út?

Toanieltekst foar Probe

Oersetting

Elske Roorda

2012

Oer '*Dochsto it ljocht út?*'

Âld wurden wol elkenien, âld wêze wol nimmen.

Yn dizze tragykomeedzje besykjen trije freondinnen mei harren 'oanhing' om de keunst fan it âlder wurden te bemasteren. Mar wat in minsk ek fan doel is, it libben trekt syn eigen plan. Sels slagget der wol ris wat, wat je al lang net mear foar mooglik hâlde hie.

Yn seis sênes sjocht it publyk in pear fan de aaklike mominten dy't it libben yn petto hat, mar wat der eadochs foaral de hylaryske, nuvere, idioate en absurde en ek leafdefolle mominten.

Doe jij het licht uit? / Docxsto it ljocht út?

© Hans Brans. Weidum

Niet kopiëren of opvoeren zonder schriftelijke toestemming van de auteur vooraf.

hans.brans@planet.nl

© '*Dochsto it ljocht út?*' Oersetting *Elske Roorda*.

Net kopiearre of útfiere sûnder tastimming fan skriuwer en oersetter.

versie 1.4

21 juni 2012

Personaazjes

Jetske	<i>sa'n 57 jier</i>	<i>Betteke Ehrlich</i>
Ruurdsa	<i>sa'n 59 jier</i>	<i>Lourens de Zee</i>
Sybrecht	<i>sa'n 49 jier</i>	<i>Esther Grijpstra</i>
Jos	<i>sa'n 48 jier</i>	<i>Theo Jager</i>
Berber	<i>sa'n 51 jier</i>	<i>Elske Roorda</i>
Sofy	<i>sa'n 28 jier</i>	<i>Folkeliën Papjes</i>
<i>Stim</i>	<i>fan in sportskoalle-trainer</i>	<i>Douwe Heeringa</i>

Sênes

1. Nachtingels
2. Dreamhûs
3. Útrekke
4. De dea en it famke
5. De geast fan Kreast
6. Epiloog. In nij begjin

Sêne 1 Nachtingels

(Nacht, tsjuster;sliepkeamer, Ruurd en Jetske lizze op bêd. Sy kinne beide net sliepe.Ruurd wrot en suchtet. Dêr binne lûden fan in tikjende klok, in auto dy't fuortrydt, in sirene fier fuort, maartske katten. Dan stilte.)

JETSKE Ruurd?

RUURD Hmm.

JETSKE Sliepst?

RUURD Fantastysk.
(Jetske docht it ljocht oan, sjocht op de wekker, docht it ljocht wer út.)
Hâld ik dy út de sliep?

JETSKE Nee. Ik lis in bytsje nei te tinken oer moarn. *(stilte)* Kinst net sliepe?
(hy suchtet) Sil ik dy efkes aaie?

(Sy aait him. Eefkes letter hearre wy Ruurd syn stim, as in voice over. De stim fan Ruurd 2 klinkt wat swierder as dy fan Ruurd 1. Beide op in bân. Itselde jildt foar Jetske 1 en Jetske 2.)

RUURD 1 Eangst. Eangst.

RUURD 2 Ja. Hjir bin ik.

RUURD 1 Altyd paraat ûnder it bêd. Trouwe freon oant yn de dea.

RUURD 2 Oant yn de dea. Ah, do leist al langút yn it tsjuster. Ree foar de tunnel.

RUURD 1 Ik moat miskien oan wat geils tinke.

RUURD 2 Geweldich. Doch dyn bêst.

RUURD 1 *(Suchtet)* Ik stik. Ik wol hjir wei. Ik ha skjinn myn nocht fan mysels. Ik bin in jas, dy't ik net útlûke kin.

JETSKE 1 At Jos syn makette no mar ôf hat. Wêrom sei hy no ynienen dat Sybrecht de makette mar taljochtsje moast? Neffens my wol er him der hielendal net mei bemuoie. Mar wêrom? It wurdt dochs ek har hûs?

JETSKE 2 It komt fansels goed, Jets. Of net soms?

JETSKE 1 Fansels bart der neat.

JETSKE 2 Ruurd seit dat de wrâld op in dei fansels ophâldt mei draaien.

JETSKE 1 Ruurd is in broeinêst, dy't himsels foardocht as in pierewaaier.

JETSKE 2 Miskien as tsjinwicht? Sa spylje wy allegearre ús rol.

RUURD 1 Doch dyn eagen no ris ticht.

RUURD 2 Moat dat?

RUURD 1 Wat sjochst?

RUURD 2 Stjerren. Se bewege as ik dêr nei sjoch.

RUURD 1 De kosmos is in gatsjepanne. Ljochtjierren iensumens yn it foarútsicht.

RUURD 2 Myn netflues is lek. Alderdom komt mei gatten.

RUURD 1 Dêr dript de tiid trochhinne.

RUURD 2 Yn myn holle bestiet gjin tiid. Dat is de pest. Ik bin ieuwich tsien.

RUURD 1 En dy gatsjes yn dyn netflues dan? Sûnder de dea is it libben sinleas.

RUURD 2 Ja, ja, ik wit it. En ik leau it net.

JETSKE 1 Earme Berber, dy hat wier te folle hea op 'e foarke.

JETSKE 2 Dochst it foar har, dat hûs?

JETSKE 1 Foar ús alle trije. Ik sjoch hieltyd dat byld fan ús trijen, yn dy studinteflat, op de Archipelwei. Hoe't wy oer manlju en oer letter fantasearje koenen.

JETSKE 2 Doe hienen wy noch in hiel libben foar ús lizzen.

(Ruurd leit hieltyd mear te wrotten op bêd. Komt dan úteinlik mei in protte argewaasje oerein en stjit syn tean yn it tsjuster. Jetske docht har nachtlampke oan)

RUURD Aaagh. Au. Oeh! Gotfer, de gotfer Nondekloatekutklearesakerju. Auw-auw-auw. Aaagh!

JETSKE Ruurd, ferdikkeme, flok net sa! *(docht it ljocht oan)* Yn fredesnamme, wat is hjir te rêden?

RUURD Ah-ah-ah! Ooh. Oeioe. Myn tean, myn tean.

JETSKE *(komt fan bêd)* Wat bist dan oan it dwaan?

RUURD Neat. Myn bonken brekke. Au-au. Wat moat dat bêd hjirre?

JETSKE Och hearken, stie dy tean sa?

RUURD Aagh. Nee, normale teannen stean foarút. Dizze slaat links ôf. O, wat docht dit sear.

JETSKE Sil ik de dokter belje?

RUURD Do kinst har no dochts net fan it bêd belje?

JETSKE Mar dyn lytse tean stiet skean. Miskien is er wol brutsen. Sil ik...?

RUURD Nee! Kinne wy net nei de Earste Help?

JETSKE It sikehûs? De auto stiet by de garaazje.

RUURD Hé gat...

JETSKE Ik belje efkes, at se tsjinst hat dan is se hjir dochts ek foar, en oars komt der wol in oarenien. *(ôf)*

RUURD 1 Gips. Krukken. Dit sil wiken duorje.

RUURD 2 Moannen. Ljochtjierren.

RUURD 1 Sa fielt it dus as jo âld binne, ôfhinklik.

RUURD 2 Sijk net.

RUURD 1 Jetske, ik hâld fan dy.

RUURD 2 Ja, ja. As ferpleechster.

RUURD 1 Nee! Hâld do dy de bek no ris.

RUURD 2 Sis it dan. Sis it dan.

RUURD 1 Jetske, ik hâld fan dy.

JETSKE *(Op. Sy hat Ruurd net heard)* Se komt deroan. Se lûkt deroan en dan komt it fansels wer goed.

RUURD Sy lûkt deroan? Wêroan?

JETSKE Ja, wat tochtst Ruurd? Hast in soad pine?

RUURD Genoch foar in jier. *(slaat in badjas om him hinne)* Jetske, ik-

JETSKE Ja, ja, as in ferpleechster. Sjochst it sitten, dat hûs, mei ús seizen?

RUURD Mei dy wol.

(de bel giet)

JETSKE Dat is fluch.

(tsjuster)

Sêne 2 Dreamhûs

(Keamer mei túndoarren, in bank en in salontafel dê't de makette yn losse ûnderdielen op stiet. Jos sit deroan te nifeljen. Bûtendoar reint it stadich troch.)

RUURD *(ôf)* Aaaagh! Au! *(Demonstratyf)* Au-au-au.

JETSKE *(Rint fan rjochts nei links, ôf)* Wat is der no?

RUURD Wat moat dit ding hjir godferdomme?

JETSKE Flok net altyd sa.

RUURD At ik twa kear myn tean brek op in dei, mei ik dan ien kear flokke yn myn eigen hûs?

JETSKE It is doch net skansearre?

RUURD It? Ik!

JETSKE Gean do no ris efkes sitten. Dan rinst Jos en my ek net foar de fuotten en dan brekst dyn bonken ek net.

(Ruurd op, mei in kruk. Folge troch Jetske dy't in part fan de makette draacht.)

RUURD Teannen!

JETSKE Wat?

RUURD Teannen, dan brekst dyn teannen net.

JETSKE Ik brek myn teannen net. Wêr moat dit Jos? Leave, gean do no efkes sitten. Wat fynst dêrfan?

(plantet him yn in stoel dy't beklings rût stiet)

JOS *(spile)* O, ik leau dat ik wat fergetten bin?

JETSKE Mar do silst it aanst dochs útlizze? Ik kin dat net hear. Ik snap trouwens net wêr't dy oare twa bliuwe. En se belje ek net. Ha se belle? Moat dit sa?

JOS Nee, dat heart by de útwreidingsplannen.

JETSKE O. Jonges, ik sil efkes in beltsje dwaan. *(ôf)*

(Jos nifelt fierder. Dan sjogge wy Sybrecht efter de túndoarren, alhiel ferreint. Sy wol oanklopje, mar at se Jos sjocht, betinkt se har)

RUURD Wêrom is Sybrecht net mei dy meikaam?

JOS *(ûntwikend)* Ja, wêrom, wêrom net? Sy woe leaver allinne komme, at it klear stie. Hoe fynst it, Ruurd? It hûs fan de takomst!

(Sybrecht draait har om en bellet mei har mobyl)

RUURD Ah! Wy ha dus noch in takomst.
 “Wer jetzt kein Haus hat, baut sich keines mehr.
 Wer jetzt allein ist, wird es lange bleiben,
 Wir wachen, lesen, lange Briefe schreiben
 und wird in den Alleen hin und her
 unruhig wandren, wenn die Blätter treiben”

JOS Fan wa is dat? *(sjocht Sybrecht en giet hastich ôf)* O. Uh. Siz tsjin Jetske dat ik fuort bin. Ik bin noch wat fergetten. Begjin rêstich sûnder my. Ik belje oars aanst noch wol efkes.

(Ruurd sjocht him fernuvere nei)

RUURD Rainer Maria Rilke.

JETSKE *(mei tillefoan op)* Hmm, ja, ja. Mar leave, dat is dochs ûnsin. Ja, hm. Mar dêr kinne wy dochs oer prate? Ruurd en ik binne dêr dochs ek by.
(leit hân oer de hoarn) Sybrecht. Sy hat it wer útmakke mei Jos.
(yn it tastel) Wêr bist no? Ja Jos is,- nee, hy is krekt- wat? Moat ik freegje oft er fuort giet? Mar harkje no... Hy moat dochs... Wat? Mm. Ja, ja. Nee. Snap ik dochs. Ja. Ja.. Nee. Nee. Berber is der ek noch net. Ik besykje al de hiele moarn om har te pakken te krijen. Wat?! Echt wier? Dat mienst net? In jiskebak?

(Under it petear sjocht Ruurd, Sybrecht yn de tún rinnen en sjocht ferwûndere nei de beljende freondinnen. Hindere troch syn krukken docht er mei muoite de tûndoarren iepen en tikket Sybrecht sêft mei in kruk op har rêch)

RUURD Hy is fuort, hear.

SYBRECHT De lul. Hy soe fuortgean ear't ik kaam.

RUURD Ek goeiemiddei.
(Sybrecht omearmet earst Ruurd dan Jetske)

JETSKE *(noch yn de tillefoan)* O, dêr bist. Doè-oèch.

SYBRECHT Nim my net kwea ôf hear, dat it sa rint. Hê, jakkes. Wat in ellinde no wer. It spyt my. Ik hie dy belje wollen, mar ik koe it net.

JETSKE Leave, wat ferfelend foar dy. Jout neat. Jou my dyn jas, dan pak ik efkes in handoek. Wolst in borrel? Ruurd hat syn tean brutsen. Wêr is Jos no bedarre? No, dêr stiet it!

RUURD Hy moast noch efkes wat fan de saak ophelje, sei er.

SYBRECHT Ik skamje my dea.

JETSKE Bist mâl.

RUURD Wy binne it wend.

SYBRECHT *(Skealik laitsje)* Ja. Mar trije kear is skippersrjocht. *(Op ôfstân stoarret se nei de makette. Ruurd en Jetske sjogge mekoar oan)* Moai.

JETSKE Ja, hê?

RUURD Abslut.

JETSKE Hiest it noch net sjoen?

SYBRECHT Net echt.

RUURD Te drok mei útmeitsjen.

SYBRECHT Strui it sâlt der mar yn.

RUURD Ferkearde toanhichte.

SYBRECHT Ik fyn it foaral foar dy ferfelend, Jets. Bist der al sa lang mei dwaande en dan kom ik op it momint – hoe hyt soks?

RUURD Suprême.

SYBRECHT - om de hiele boel yn de bulten te jeien. It muoit my sa, Jetske.

JETSKE *(dêrôfwêze)* Bist net wiis, ik fyn it folle slimmer foar dy. In hûs is mar, hoe seist dat?

RUURD In dak boppe de holle.

JETSKE Ik snap it net. Wy ha it der sa faak oer hân, mar ik begryp it net. Sa'n kloatsek is Jos no ek wer net. Of is der wat bard?

SYBRECHT Nee. It is in skat, echt wier. Mar ik fiel neat.

RUURD Kom op, sis. Dat is Viva-taal.

JETSKE Ruurd!

SYBRECHT Ruurd hat teminsten noch in pear kwealike trekken. Sis noch ris wat lullichs, Ruurd, miskien helpt it.

RUURD Oei, op bestelling wurdt dreech. Hy lest wol in grien blêdsje?

JETSKE Jos? Dy is praktysk fegetariër.

RUURD Ik bedoel jong fleis. Efter de kassa fan Albert Hein. Of in studinte keunstsriednis.

SYBRECHT Jos? Ear't dy my jaloersk makket.

RUURD Of hy makket neat klear yn bêd. En do wolst in tiger yn bêd.

SYBRECHT *(laket)* Dat hâldt net oer.

JETSKE It hoecht dochs net perfoarst om seks te gean?

RUURD Nee. Nim ús beiden no.

JETSKE Soargje do no earst mar datst dyn teannen oerein krigest.

(Ruurd is bliid dat sy him no einliks ris fan replyk tsjinnet.)

SYBRECHT It leit net oan him, it leit oan my. Ik bin ferdoarje seisenfjirtich en sûnt myn tweintichste ha ik los-fêste frijheid-blijheid freontsjes. Ik hâld like hertstochtlik fan dy man as fan myn mobyl. En hy ek.

JETSKE Hoe kin dat dan?

SYBRECHT Ik wit it net. *(sjocht útdagend nei Ruurd)* Ik fiel neat. Ik bin gewoan te oerflakkich.

JETSKE Fansels net.

SYBRECHT Of ik ha in kontaktsteurning. Ik sykje manlju, dy't my mei rêst litte en as se dat dan net dogge, wurd ik lilik en as se it wol dogge, bin ik ûntefreden. As Jos der no wol as net is, alle jûnen lis ik op bêd, klearwekker, en dan bin ik sa lilik, lilik, lilik.

JETSKE Lilik? Op wa, wêrom?

SYBRECHT Wit ik net. De wrâld, it libben, mysels.

RUURD De oergong. Jets krige opfleaners.

SYBRECHT Dan sit ik al tritich jier yn de oergong. *(suchtet)* Oerdei fiel ik neat. Aardige man, dy Jos. Aardich wurk. Aardich libben. Mar as it tsjuster wurd krûpt der in slûpmoardner troch de kieren. Dan lis ik mei in lyf grôtfol stress op myn bêd en tink: Kut Jos. Kut wurk. Kut libben.

(stilte)

RUURD Wy nimme in borrel. *(Hy hellet in heupfleske út de binnenbûse.)*

JETSKE Hoe komst dêroan?

- RUURD Giele Krús. Krijst by de krukken. Paksto de glêzen?
- SYBRECHT Hiest it noch net heard fan Berber?
(De tillefoan giet, Jetske nimt op.)
- JETSKE Berber? Ant! Nee dyn mem is der net –Wat seist? *(stilte)* Wat? In jiskebak?
Wêr, wannear? *(sy lústeret)*
- RUURD *(dimmen)* De architekt hoecht dochs net perfoarst yn syn eigen hûs te
wenjen? Sa moai is it no ek wer net.
- SYBRECHT Tinkst dat ik yn syn hûs wenje wol dan?
- JETSKE En wêr is se no dan? *(hân op de hoarn)* Berber hat in jiskebak – Wat? In tou?
Wêr dan, watfoar tou? Yn de garaazje, o. *(hân op de hoarn)*. Se hat in tou
yn de garaazje sjoen en no tinkt se...- Mar jim ha dochs hielendal gjin
garaazje? O. Op sa'n wize. Ja. Ja. Mar famke, lústerje no ris efkes... Wat?
(hân op de hoarn) Hielendal oerémis. Ja, ja..
- (De bel giet. Wylst Jetske trochgiet mei har tillefoanpetear, komt Ruurd
muoisum oerein. Sybrecht makket in gebearte fan wachtsje mar en docht
iepen. Eefkes letter komt se werom mei Berber. Mei syn trijen stean se yn de
doar te harkjen nei Jetske.)*
- JETSKE Fertel no ris rêstich wat der bard is. Ja, fan 'e middei. Ja. Direkteur, ja. Dat
akelige minske dêr't jim mem it altyd oer hat? Ja. Ja. Nee. Ja. En doe?
Hmm. En doe? Jiskebak? Ja, logysk. Ja. Ja. Mis. Raak? Wier? Thús ja. Ja.
Nee. Wer in jiskebak? O. Ek troch it rût? En dat tou dan? O, dêrom. Ja. Ja.
Harkje Ant. Do bellest de plysje en ik kom fuortendaliks nei dy ta. O, nee,
Ruurd kin net ride mei dy tean. Bliuw kalm, se komt wol wer teplak. Ik nim
in taksy. *(Sy ûntdekt no de trije harkjende oaren)* O, Ant, sy is hjir. Ja, nee.
Se sjocht der goed út. Ik jou har efkes. En meitsje dy net dik hê, fanke. Tin is
de moade. *(wol it tastel oan Berber jaan, betinkt har.)* Mar ek wer net te tin
hê, Ant. Ytst wol goed?
- BERBER Do leave, mei my. Nee, neat te rêden. Ik mocht de auto fan buorman Bertus
efkes liene. Wat no tou? Wolnee, doch net sa raar. Ik kin net iens fiterje. Ja,
dat belooft ik dy. Wy sille hjir earst gesellich de makette fan Jos besprekke.
Dat hoecht dochs hielendal net....*(Se rint pratendewei de doar út.)*
- RUURD Tsjonge, dizze gearkomste is no al in boppeslach.
- JETSKE Se tocht dat sy dêr in ein oan meitsje woe. Om dat funksjonearingspetear,
kinst begripe.
- SYBRECHT No, ik sjoch har dat noch wolris dwaan.
- JETSKE Hê jasses, Syb, net sokke akelige dingen sizze.
- RUURD Mei in jiskebak? Liket my noch knap lestich.

JETSKE Nee, mei in stik tou. Ant hie it lizzen sjoen yn de garaazje fan de buorlju en om't Berber de lêste tyd nochal wat yn de nederklits siet, tocht Ant – no, wit ik folle. En dy jiskebakken-

RUURD JiskebakkEN?

JETSKE Dy hie se earst nei har direkteur smiten en doe thús troch it rût.

RUURD Wer troch it rût?

SYBRECHT Ik miende dat ik in probleem hie.

JETSKE Hê Ruurd toe no.

RUURD Ik besykje it foar my te krijen.

JETSKE Dy direkteur, dat wie mis. En doe't se thúskaam, alhiel oer de toeren, hat se wer mei in jiskebak smiten. Troch it rût, dat wie dus in foltreffer.

RUURD Moast ek earst thús oefenje, net dêrnei.

SYBRECHT Dat jo hjoed de dei noch sa'n soad jiskebakken fine....

(Berber op)

BERBER Neffens my wie it in fruitskaal. No jonges, Jim sjogge it: ik bin alhiel ryp foar in opname. Wannear wurdt ús priveeklinyk iepene? Is dit de sletten ôfdieling? Wêr is Jos? Ik ha net sa'n soad tyd. Ik moat anst noch by "Dobbesicht" lâns om in brântsje te blussen. It liket der op dat ús heit wer ris besocht hat in suster yn de fik te stekken.

RUURD Lokkich reint it.

JETSKE Ik snap net hoe'st it folhâldst.

BERBER Wat is dermei dy Ruurd? Hast fochten?

RUURD No, mei it houliksbêd, ja. Brutsen tean.

BERBER Jezus, wat begrutlik. Ferpopket Jets dy wol genoch?

RUURD *(lit syn heupfleske sjen)* Jetske is myn rêdende ingel, myn pleechsuster bloedwyn foar dei en nacht. Ik brek út leafde al myn teannen foar har. *(Hy jout Jetske in ûnhandige, mar wolmiende tút op de mûle. Dy wurdt der ferlegen fan. Pakt ûnderwilens it heupfleske fan him ôf.)*

JETSKE Tankjewol skat.

RUURD Wêr wienen wy? Dames, en hear: It hûs foar ús hjêrstdagen!

(se sjogge allegearre nei de makette, te lider slein)

BERBER Moai.

SYBRECHT *(tsjin Berber)* Ik ha it juster útmakke mei Jos.

BERBER Alwer? Oeps.

SYBRECHT Dêrom hienen wy ôfpraat dat hy der hjoed net by wêze soe. Wa sjoch ik mei syn boartersguod nifeljen at ik de tún yn kom?

JETSKE No snap ik wêrom't hy yn sân hasten fuort wie.

BERBER Hê fanke, wat sneu foar dy. Slacht er mei in oar om?

SYBRECHT Ja, mei in stazjêre op syn wurk.

RUURD Oh, dus wol?

SYBRECHT Dat beweart er alteast.

BERBER Hê?

RUURD Hy jout ta dat er mei in oar omslaat, en do leaust him net?

SYBRECHT Neffens my seit er it allinne om my jaloersk te meitsjen. En miskien docht er it ek wol mei har, mar dan allinne om my jaloersk te meitsjen. ' O, dy Sofy, dat is sa'n grappich famke en sy is rap en tûk en seksy.'

JETSKE Mar jim lieten mekoar dochts frij, yn dat soarte fan dingen? Of net?

BERBER As hy dy no jaloersk meitsje wol, is dat wol in bysûndere.....

RUURD - oanhinkliksheidsferklearring.

SYBRECHT *(sneu)* Eh. Wy litte mekoar frij, ja. Om't wy waarm noch kâld fan mekoar wurde. En dat wol Jos op dizze wize graach sjen litte. No, slagge.

(Jetske, Ruurd en Berber praten troch mekoar:)

JETSKE Hjir snap ik neat fan.

RUURD Dizze fariaasje lêze jo net yn de Libelle.

BERBER Ik wol ek immen dy't my jaloersk makket.

JETSKE Do makkest it dus net út om't hy mei in oar omslaat, mar omdat er dy net jaloersk makke hat?

SYBRECHT Ik bin lilik op him om't wy frjemden fan mekoar binne. Ik bin net lilik op him, mar op mysels, om't ik sa grimmitich en kwea en ûntefreden bin. As ik him hear oer dat hûs, en oer wat hy allegearre foar moais betocht hat – tegearre mei dy Sofy – mei romten dy't skeakelje sa't wy nei binnen ta iepen stean foar mekoar, mar dêr't wy nei bûten ta beskermd ússels bliuwe kinne" en bladibla – dan flocht it my nei de strôt. Foar him is it in boarterstún. Foar my in grêftombe. Moat ik sa âld wurde? Mei him? Sa boas, sa ûntefreden, sa benaud foar de ein? Ik rin him hjir fan alles te ferwiten, mar ik meitsje him

allinne mar ûngelokkich. Ik soe wolle dat er no ris in kear echt mei dy Sofy op bêd giet.

(stilte)

JETSKE Do makkest benammen dysels ûngelokkich.

(Sybrecht knikt, mei de hannen foar de eagen. Berber strykt oer har rêch.)

BERBER Wy wolle allinne mar mei dy. Wy hoege dochs net yn dat hûs te wenjen? By need lûke wy by Ruurd en Jetske yn. Do yn de útfanhúzerskeamer. Ant en ik op souder. En ús heit kin yn de kelder.

RUURD Wy ha net iens in kelder.

BERBER No sjoch ris oan, dat is de koartste klap.

SYBRECHT It spyt my, Jets.

JETSKE Ja.

(stilte)

RUURD Ik ha sa'n gefoel dat der aanst wer belle wurdt. Dat Jos dochs noch efkes komt om it út te lizzen.

(se sjogge allegearre nei de tillefoan)

BERBER Dat hat alle kans mei Jos.

RUURD Soest datferfelend fine, Sybrecht? Hy hat dêr wol in heal jier oanwurke.....

JETSKE Bist net wiis? Hy komt der net mear yn. Mei in stazjêre....! Soks moasto net besykje wolle, Ruurd.

RUURD Wat is der tsjin jongmeitsjende stazjêres? Dat ik dêr no te ympotint foar bin.

BERBER Hè jonges, begjinne jim no ek net nochris. Ik rin de hiele wike al rûzje te meitsjen. Ik bin hjir foar myn ûntspanning. As wy dy makette no ris it rût út smite? Of yn de brân stekke?

SYBRECHT Nee! Nee, bist mâl?

(Se sjogge alle fjouwer nei de makette. Stilte. Dan giet de foardoarsbel. Jetske komt oerein.)

Nee, Jetske. Lit my mar. Ik sil wol. It is myn probleem.

(Sybrecht rint ôf. De oare trije wachtsje wat skruten ôf en besykje wat op te heinen fan it petear. Wy hearre earst Sybrecht mei fûle ferwiten, dan Jos dy't him blykber ferdigenet. Dan komt it petear – wy ferstean de wurden net mear – blykber in rêstich farwetter. Wy sjogge dan Sybrecht werom kommen, mei in ferlegene Jos efter har oan.)

Sybrecht lûkt har werom op in stoel en mjit de oaren.)

- JOS No goeie. Dei Berber. *(Hy wol har trije tuten jaan, mar sy fynt ien al genoch.)* No. Dus. Ja. Wat... eh... Jim ha al begrepen, dat...eh.. Sybrecht en ik... Dêrom fûnen wy it gjin goed plan as ik...eh...as ik...
- SYBRECHT Wy? Ikke!
- JOS Ja. Mar oan de oare kant tocht ik... Jim bin úteinlik de opdrachtjouwer... dus... Ik bin bliid dat Sybrecht dochs.... it goed fûn dat... Krekt. Sil ik dan mar? Sjoch, dit hjirre is de mienskiplike tagong... *(Hy lit wat op de flier falle, pakt it op)* O. jee. Ja. Mar dy hoege jim net te brûken, want elk stel, eltse wen-ienheid hat syn eigen opgong. Dus do kinst ek hjir.. en hjir...Mar lit my earst wat oer de grûnslach fan it idee sizze. Yn wêzen...Ik bedoel...de fraach wie: Hoe kinne jo âlder wurde, sûnder de oare ta lêst te wêzen, en mekoar dochs ta stipe te wêzen as jo dêrfoar kieze. Dus eins: Hoe wolst libje oant...
- RUURD Datst der by delfalst?
- JOS Soksawat ja. Doe tocht ik dus, wat wy nedich ha, binne romten dy' t wy skeakelje kinne, wêryn't wy nei binnen ta iepen stean kinne foar mekoar, mar nei bûten ta beskerme bliuwe om ússels wêze te kinnen.
- BERBER Do neukst dus mei lytse famkes, Jos?
- JOS No ja sis, Sofy is seisentweintich. En wa seit dat ik mei har op bêd gean?
- BERBER Hast dêr in bêd foar nedich, dan?
- JETSKE Jonges, moat it no sa?
- BERBER Wy kinne hjir slim moai waar mei elkoar boartsje....
- RUURD Wylst it bûtendoar reint dat it miicht.
- BERBER - wylst Sybrecht har hjir deaûngelokkich fielt.
- RUURD *(tsjin Sybrecht)* Is dat sa?
(Elkenien sjocht nei Sybrecht. Stilte.)
- SYBRECHT Ik fyn it net slim datst it mei dat fanke dochst. Wier net. En ik begryp ek datst it foar my dochst. *(de oaren sjogge har mei grutte eagen oan.)* Dat wurdearje ik bot, wier. Want do hâldst fan my. En ik hâld fan dy. Mar net mear as fan in nij mobyltsje. Besoademiterje dat earne bern dus net, omdatst my besoademiterje wolst, omdatst tinkst datst fan my hâldst. Dat wurket net. Dus...oant sjen.
(Stilte)
Ik fyn ek datst in moai hûs makke hast....Do wolst graach wat moais foar oaren meitsje, eat wêr't sy lokkich yn wêze kinne. Mar it is allegearre sa leech, Jos. Alles is altyd sa opromme by dy. Alles is regele, klear. En as it net

klear is dan hâldsto my der bûten. Dat ik benaud bin en ûntefreden, wolst net witte want dan moat ik wol sizze kinne wêrfoar en wêrom. En dêrom kinsto dy leechte net by my opfolje.

JOS Dêr gean wy wer.

(Jos begjint syn makette ôf te brekken.)

SYBRECHT Do bist perfekt. Fierstente perfekt foar my. Ik kin net yn dat perfekte hûs fan dy libje.

JOS Goed. Okee. Prima. Ik hie tocht dat wy it ien en oar in bytsje fan mekoar skiede koenen, mar soks kin dus blykber net. It liket my net sa sinfol om hjir yn it iepenbier te besprekken wêrom Jos té perfekt is foar Sybrecht en wêrom Jos syn hûzen te perfekt foar Sybrecht binne om yn te wenjen. Tige tank foar it meitinken yn it ynvestearjen fan njoggen moanne. Sil ik de rekken foar it ûntwerp mar sitte litte? Dan kinne wy it miskien aanst by de boedelskieding noch wòl in bytsje saaklik hâlde?
(Hy sil fuort.)

JETSKE Jos, do kinst sa net fuort gean. Do bist kwetst.

JOS Ik bin hielendal net kwetst. Dêr bin ik te steryl foar. Freegje Sybrecht mar.
(Hy giet ôf, syn hannen fol mei guod. Jetske rint him efternei.)

JETSKE *(Of.)* Dyn hûs is net te perfekt. Der falt grif wol wat oer te sizzen. Oer eltsenien falt wol wat te sizzen. Mar Sybrecht is ûngelokkich...
(Stilte.)

BERBER Wêrom bin ik hjir oer begûn? Wêrom kin ik myn grutte snút net ticht hâlde? Oeral dêr't ik kom, springe fonteinen fan reboelje en ellinde omheech.

RUURD Ach, do hast allinne mar sein wat elkenien hjir tinkt. Tinkst net Sybrecht?
(Sybrecht hellet har skouders op, knikt ja, swijt. Dan komt Jos werom om it lêste guod op te heljen en Jetske dy't der efter oan rint)

JOS Dei Sybrech. Ik bin net likk hear, wier net. Mar ik tink dat it no wol echt oer is. Ik... bliuw foarearst op kantoar sliepen. Ik hear wol asto wolst dat ik it hûs út gean, of dat... eh... hoe ast it regelje wolst. *(Stilte.)* It muoit my, Jetske. *(Doelt op har plan; tsjin Sybrecht:)* No, goeie.

SYBRECHT Dei Jos.
(pynlike stilte. Jos en Sybrecht witte beide net hoe ôfskie te nimmen. Uteinlik draait Jos him om en set ôf. Stilte. Jetske giet neist Sybrecht sitten.)

BERBER Guon lju binne net yn steat om it ûngelok te fielen. It kringt gewoan net ta harren troch.

RUURD Sokken binne ek net by steat om it lok te fielen, tink ik.

(Jetske en Sybrecht stoarje tryst foar harren út, suchtsje dan allebeide djip, by tafal tagelyk. Se slaan de earms om mekoar hinne. Laitsje efkes. Yn de fierte hearre wy in sirene.)

BERBER Ik rûk in brânlucht.

RUURD Soe dyn heit no dochs de boel yn de fik stutsen ha?

BERBER O, godskes, ik moat fuort.

(Se bliuwt sitten. Tsjuster.)

Sêne 3

Utrekke

(Noch yn it tsjuster komt dêr seft in twingende house/dance muzyk opsetten. De keale romte van in sportskoalle. It iennichste wat wy sjogge binne twa identieke 'rinnende ban'- trainingsapparaten. We hearre it lûd fan oare sportskoalle-besikers, dy't harren ritmysk yn it swit wurkje. Út in lûdsprekker komt de stim fan in trainer.)

STIM En links en rjochts en foar en efter
 en troch en troch en troch en slúten
 twa, trije, fjouwer; twa trije, fjouwer
 en links en rjochts en foar en efter
 en troch en troch en troch en slúten.
 En fiif, seis, sân, acht; sân, seis, fiif.
 Oerstappe by acht!
 En links en rjochts en foar en efter
 en troch en troch en troch en slúten.
 Kom op, no! Mei it in ûnske minder?
 Dan moat der wol in kromke mear by!
 En twa, trije, fjouwer; twa, trije, fjouwer.
 En links en rjochts en foar en efter,
 troch en troch en troch en slúten.
 En swit fuort al dy fetroltsjes!

(Underwilens is it fûl ljocht op it toaniel wurden. Jetske komt op yn in badjas. Se sjocht fertwifele en in bytsje benaud nei de gymnasten.)

STIM Jo meie meidwaan, mefroutsje. Jo binne hjir no dochts en jo ha der foar betelle.

(Jetske ropt mimysk, wylst se op har horloazje tikket: 'Ik wachtsje op myn freondinne' mar yn it tanimmende lûd is it net te ferstean.)

STIM Presys, mefrou de tyd fljocht foarby. Flean noflik mei ús mei. 'In spring de bocht vliegt in; in spring de bocht vliegt uit.' Jo dogge gewoan jo buorfrou nei!

(Jetske docht efteroan fertwifele de oaren nei.)

 En links en rjochts en foar en efter,
 en troch en troch en troch en slúten
 twa, trije, fjouwer; twa trije, fjouwer.
 En links en rjochts en foar en efter,
 en troch en troch en troch en slúten.
 En fiif, seis, sân, acht; sân, seis, fiif.
 Oerstappe by acht!

 Mar mefroutsje, soks kin dochts net mei de badjas oan? Ut dat ding! Aanst meie jo nei de sauna.

(Jetske docht de badjas ut en beweecht timide mei yn har sportklean.)

 Wy wurde allegearre in kear âld en fet en krebintich, mar litte wy it dan wol swingend dwaan, no? Sjoch, no bart der wat! Fuotsjes fan de flier en lit de

hantsjes mar wapperje. Sa wurde wy moai âld en dan hat jo man der aanst ek noch wat oan.

En links en rjochts en foar en efter,
en troch en troch en troch en slúten
twa, trije, fjouwer; twa trije, fjouwer.

En links en rjochts en foar en efter,
en troch en troch en troch en slúten.

En fiif, seis, sân, acht; sân, seis, fiif.

Oerstappe by acht!

Hè, tink der no ris oan. Myn tonge is ek net fan rubber.

No dat wie it dan mar wer. Tige tank en oant moarn.

Same time, same place, mei:

(riedel) Swingtime for players!

(Flak foar it ein is Berber noch hymjend opkaam. Ek yn badjas.)

STIM Och mefroutsje..! Jo misse krekt alle fun! Hooplik ha jo noch wol it swit op 'e rêch om hjir krekt te let oan te kommen.

JETSKE Wêr wiest?

BERBER Ik slaan dy kwal nochris alle kroanen troch syn moaie boppelippe.

JETSKE Moat ik sa nedich fan dy mei nei de sportskoalle, litst my hjir spierlik allinne stean.

STIM Famkes, dêr binne noch twa trêdmûntsjes frij. Pak, watst pakke kinst.

BERBER Tankjewol, Machiel!

(se docht har badjas út, klimt op it iene apparaat, dat nei in hoartsje begjint te "rinnen".)

Ekstra stêfgearkomste. It muoit my, it spyt my, sorry. Sadree at se der efter komme datst wat foar dysels dochst, skriuwe se in ekstra gearkomste út. 'De sifers fan de jierferslagen fan twa jier tebek komme net oerien mei de begrutting. Dêr krije wy lijerij mei.' Dan mei ik de werklikheid wer oanpasse oan harren fantasij.

JETSKE Hoe wurket dit?

BERBER Do moatst dy griene knop yndrukke. Fanke, wat sjochst der skattich út yn dat pakje.

JETSKE Ik fiel my krekt in oanklaaide aap. Dizze?

(Se drukt op in knopke en prompt begjint it apparaat hurd te rinnen. Jetske giet heal om heal ûnderút, mei muoite kin se harsels op 'e fuotten hâlde. Berber set har apparaat út en dy fan Jetske. Se helpt har oerein.)

BERBER Dit is oan en dat is út. Dit is langsum, dit flugger. En dy 'incremental' wit ik net. Giet it wer in bytsje mefrou Dröge? Begjin no mar langsum.
(Jetske twifelet, wurdt senuweftich.)

Trouwens wêr is Sybrecht? Dy soe dochts ek komme? Hast it al heard fan Sybrecht?

JETSKE Efkes wachtsje, wachtsje efkes. Gjin panyak. Wat seist, dy? O myn god. (*se begjint fan de senuwen te laitsjen.*)

BERBER Earst grien, dan op de min drukken bliuwe. Sjochst? No giest hiel langsum. Stap mar op.

JETSKE Kin wy net gewoan yn 'e bosk kuijerje sûnder knopkes?

BERBER En dan seker oanfallen wurde troch de wylde bisten?

JETSKE Dit giet wol lekker langsum. Wat seidest oer Sybrecht? Sybrecht koe net. Stjoerde my juster dea gewoan in e-mail dat se fiif dagen yn Parys sit. Se moast yniens nei it Louvre. En se wie hiel lokkich en koe alles útlizze at se werom kaam.

BERBER No dan wit ik wol hoe let it is.

JETSKE Hoe let is it dan? Dit ding giet no wol hiel langsum. Mei in rollater giet it flugger. Wie dy foar flugger?

(Se drukt op in knopke, mar der bart neat. Nei in pear kear drukken jout se it op.)

BERBER Bist ree foar de skok?

JETSKE *(springt skrokken fan it apparaat)* Wat?

BERBER Earjuster kaam ik Jos tsjin yn de stêd. Jos seit, dat er Sybrecht trappearre hat doe't se mei dy stazjêre lei te flikfloaien. Tink dy ris yn!

JETSKE *(is wer op har rinnende bân sprongen, dy't no ûngemurken hieltyd flugger giet.)*
Sybrecht?! No moastst ophâlde. Sybrecht! Nea witten dat sy op jonkeardels falt.

BERBER Neat jongkeardel. In jongfaam! Moast dy yntinke! Tinkst datst dyn bêste freondinnen nei tritich jier in bytsje kenst. Wurdt sy fan de iene op de oare dei lesbysk! Hoe betinkt se it.

JETSKE Ik fyn flikfloaie ek in fiis wurd.

BERBER Is it ek. Miskien wie it wol wat moais, mei moanneljocht en fioelen en slachrjêmmen. Mar ik ha muoite mei it plaatsje.

JETSKE Wêr wie it dan?

BERBER By Jos op kantoar.

JETSKE By Jos op kantoar?

BERBER By him op de bank.

JETSKE By him op de bank?

BERBER By him op de bank.

JETSKE Wêr hy by siet?

BERBER Ja, doeich. Hy sil der noflik by sitten gean.

JETSKE O, ja?

BERBER Nee, hy komt der yn.

JETSKE O, hy komt der yn en hy sjocht....

BERBER Dat dy twa dwaande binne.....

JETSKE Neaken?

BERBER Neuken? Toe, Jes!

JETSKE Ik sei 'neaken'.

BERBER Neaken, heal bleat, wit ik it. Miskien hienen se noch in sjarretelgoardeltsje om. Of in swypke oan. Wolst it graach foar dy sjen? No, ik net, tankje de koekoek. Ik ha neat op lesbysk tsjin, mar it is no net myn, ja, hoe sis ik dat, bakje kofje.

JETSKE Ik kin dit net byhâlde. (*doelt op de bân.*)

BERBER Is ek net by te hâlden. Moatst gewoan net wolle. En mei dat fanke is se no nei Parys. Dêrom komt se hjir net opdraven. Dy hat wol wat oars foar de 'lijn'. Parys! Hoe betinkst it? As wie se in bankdirekteur dy't der mei syn sekretaresse útnaaid is. Sa'n klisee. 'O la la. Ris lekker yn it waar sjen mei bubbeltsjewyn yn de Moulin Rouge'. Ha wy it hjir oer Sybrecht?

JETSKE Hâld op. Hoe krij ik dit ding út?

BERBER Ik bedoel, wy wrakselje ek mei ús tearen en kraaiemoatsjes en blubberfel en útsakke fetkwabben. Foar ús is it like goed 'been there, done that' en 'is this all there is?' Mar om no mei in grien blêdsje foar eagen sa blyn te wurden foar de werklikheid fan it âlder wurden en dan mar te tinken dat jo jong bliuwe troch de leafde te bedriuwen yn tsjinstelde rjochting, kwa tyd dan – dat is dochs mear wat foar manlju. En al hielendal neat foar de Sybrecht dy't ik ken. Se mei dan miskien wol wat tryst en prakkesearderich wêze en mei Jos – dat wie fansels ek wol in draaidoar barren. Dêr soe ik ek net oer kinne. Mar om no - . Dat is dochs in flecht werom?

JETSKE Ho. Ho! Ophâlde, hâld op!

(Berber sjocht einliks dat de bân fan Jetske fierstente hurd giet. Se set har eigen apparaat út, drukt op it knopke fan Jetske har masine, de bân stopt en pront falt Jetske. Se gûlt en skriemt fan de pine. Berber hâldt har tsjin har oan, lyk in mem har bern omearmet dat fallen is, en dipt mei in bûsdoekje oer it plak op har foarholle.)

- BERBER Do setst ek altyd sa hurd útein. Do hoechst dochs net de earste de bêste kear datst hjir bist fuortendaliks de maraton te rinnen?
- JETSKE Au, au. Dit is neat foar my, Berber. Ruurd wol in hûn ha, om út te litten. Ik kin net goed oer dy hierren en dan dy snút te snuven yn jo krús, mar miskien is it dochs wol better.
- BERBER Wat bin ik dochs jaloersk op jim boargermansgelok.
- JETSKE Bist ek net in bytsje jaloersk op Sybrecht?
- BERBER Grif. Sybrecht is in skytsek, yn ferliking mei my. Ik bedoel, ik stap oeral op ôf en dan kom ik oan de ein fan de dei noch mei lege hannen thús. Mar soks, dat doart sy dan gewoan wol. Dêr ha 'k wol bewûndering foar.
- JETSKE Miskien is it gjin kwestje fan doarre. *(stilte.)* Hoe hjit se eins, dat famke?
- BERBER Sofy.
- JETSKE Sofy? Wie dat net dy stagaire wer dat Jos Sybrecht jaloersk mei meitsje moast, of soksowat?
- BERBER Der seist wat. En no docht sy him efkes foar hoe dat dat moat? Dy stagaires binne hjoedendei wol allround siz.
- (stilte)*
- JETSKE Mei dy ynternet date fan dy is it wer neat wurden, begryp ik.
- BERBER Nee. Keal, bierbúk, babbelerij. Witst dat keal hjoed de dei macho is? Dat liif, dêr kaam ik noch wol oerhinne – mar dy praterij. Sa'n man mei posysje. Mei in fisjy op de dingen. Dy't wit hoe't de foarke yn'e stok sit en wêr't it hinne moat mei de wrâld.
- JETSKE Ha jim noch wat aardichs dien?
- BERBER *(net al te entûsjast)* No. Nei twa oeren binne wy de koffer yndûkt. Nei twa oeren! Moast dy yntinke. Ik wie dy kletserij sà sêd. En dêr wie menear net fiis fan. Hy hie eins bêst in noflik liif, mar nei ôfrin gong fuortendaliks dy kwêk wer iepen en dêr rûggele de mieningen alwer fan de opinypagina. Brr... Nee. Neat foar my. Folgjende pasjint. Ik hoech gjin wythynderprins, om myn hiele libben mei op te foljen, mar ek gjin bêdbuddy mei in keale kwêkkop. Ik wol gewoan in folweardige fint, in aardige fint, foar yn de buert, om tegearre âld mei te wurden. Mar dy bestean net.
- JETSKE De hoefolste wie dit?

BERBER Nûmmer alve tink ik. Of tolve. (*stilte.*) As ik nei ús heit sjoch, fyn ik âlder wurden mar neat. Alles wurdt mar minder en slimmer. Eltsenien falt om dy hinne fuort as soldaten op it slachfjild. En do besikest krampeftich yn kondysje te bliuwen, sadatst dysels oerlibje kinst. As ik him wie, soe ik it ek op in sûpen sette.

JETSKE Hoe is't mei him?

BERBER Goed. Hy is okkerdeis te plak setten, want hy hie lege jeneverflessen fan de trep ofrôlje litten. 'Wat wolle se dan?' sei er. 'Dat ik mei folle smiten gean?' Moast de groetnis fan him ha. Ynienen witst er wer wa ast wiest. 'Is har hûs al klear?' Hy wol it leafst mei. 'Ik ha genoch oan in biezumkast, mei in bêd en sa no en dan in slokje. En as ik in bytsje stûf trochdrink, bin jim mei in jier wer fan my ôf'.

JETSKE Ja – ús hûs.

BERBER Wêrom net? Mei Jos en Sybrecht en dy Sofy, en jimme beide, en ik mei Ant en ús heit yn it fytsskuorke.

STIM Froulju, neat moaiers as in pear leafhawwende famkes, mar leaver hjir net, ja.

(Jetske en Berber sjogge inoar fernuvere oan. Tinke dan oan Sybrecht en Sofy en prûsten it út.)

Sêne 4 De dea en it famke

(It kantoar fan Jos. Oan de muorre hinget in skets fan it dreamhûs fan de trije freondinnen. Sofy is dwaande in beamer oan te slúten op har laptop. Bûtendoar skynt de sinne. Sybrecht komt op. Sofy hat neat yn de rekken.)

- SYBRECHT Is menear Romein der net?
- SOFY *(sjocht op)* Goeie. Binne jo Sybrecht?
- SYBRECHT Ik ha om ien oere in ôfspraak mei him.
- SOFY O. Hy hat in lunch ôfspraak.
- SYBRECHT God, it sil ek net sa wêze. *(se sil wer fuort.)*
- SOFY Jo kin hjir wol efkes op him wachtsje. Ik kin ek fuort gean as jo dat wolle.
- SYBRECHT *(ôf)* Hy is it fansels wer fergetten.
- SOFY Sil ik efkes yn syn agenda sjen?
Hjir stiet moarn om ien oere: Sybrecht – boedelskieding
- SYBRECHT Do bist dus Sofy?
- SOFY *(Ja knikt. Op deselde toan.)* Jo binne dus Sybrecht?
- SYBRECHT *(knikt ja. Licht sarkastysk.)* Wat dochst hjir as ik freegje mei? Ik tocht dat dyn staaasje der op siet.
- SOFY Ik rûn gjin staaasje. Ik ha Jos ynterviewe foar myn byfak, arsjitektuer.
- SYBRECHT O.
- SOFY En no mocht ik syn beamer brûke foar in presintaasje. Ik studearje keunstskiednis.
- SYBRECHT Soa.
- SOFY Op de Iepen Universiteit. *(stilte)* Eins kenne wy mekoar al hin? In bytsje.
- SYBRECHT Ik tocht it net.
- SOFY Jo bin lilk.
- SYBRECHT Lilk? Ik? Hoe sa?
- SOFY Dat wit ik net.
- SYBRECHT Op dy? Tochst dat ik lilk op dy wie? Nee hear. Meist him ha fan my.

- SOFY Op wa dan? Of moat ik sizze wêrom? No ja, is ek in ûnmooglike fraach. It spyt my. *(Beide witte efkes neat mear wat se sizze moatte. Sofy giet fierder mei har laptop en beamer.)*
Ik ha neat mei Jos, hear. Wy hawwe ien kear mei elkoar op bêd west. Hy kin o sa lekker... No ja, dat hoech ik dy net te fertellen. Mar hy hie it hieltyd oer dy. *(se laket)* 'Myn frou begrypt my net'. Mar neffens my begrypt hy dy noch minder. Ik wie dus wol hiel nijsgjirrich nei dy.
- SYBRECHT *(sarkastysk)* Sjoch dan noch mar efkes goed.
- SOFY Do hast wol in leaflike lilkens oer dy, witst dat?
- SYBRECHT Hast ek psychology as byfak?
- SOFY Sjochst? Do besikest it wol. Mar it slagget krekt net hielendal. Do kinst it net.
- SYBRECHT *(trappearre)* Ik leau net dat ik hjir op sit te wachtsjen.
- SOFY Dat snap ik. Ik moast it efkes kwyt. Ik fyn dy ynterressanter as dat ik tocht hie. En wiest ek nijsgjirrich nei my? Nee, fansels net. *(kwasy patetysk)* Ik wie dy stazjêre dy't dyn man ynpikt hie.
- SYBRECHT Hoe let tinkst dat Jos werom is?
- SOFY Ik ferfeel dy. Nee, noch slimmer, do fielst dy net noflik troch my. O, wat stom. Wêrom dogge minsken altyd presys it tsjinoerstelde fan wat se eins wolle?
- SYBRECHT Hoechst net alles te beneamen, hear. Wurdt in minsk wurch fan.
- SOFY Kloppet. Hast gelyk. Doch ik fierstente faak. Praat ik fierstente folle. Minsken dy't in soad prate, ha wat te ferbergjen. Is myn teory.
- SYBRECHT Hmm. En minsken dy't te min sizze?
- SOFY No dy... Dy tinke dat se it wol ferbergje kinne.
- SYBRECHT Wat ferbergje?
- SOFY Harren geheim. Eltsenien hat in geheim. Do ek. Dat sjoch ik op dyn foarholle.
- SYBRECHT Dan is it grif gjin grut geheim. Mar dó praatst tefolle seist. Neffens dysels hast dus wat te ferbergjen. Ikke net.
- SOFY Skerp. Skerp. Hmm. Wat soe ik ferbergje wolle?
- SYBRECHT Freegest dat oan my?

SOFY Nee, oan mysels. Ik wit it net. Dat kin ek. Wat tinksto? Wat ha ik te ferbergjen? (*Sofy sjocht har oan. Se bliuwe mekoar efkes strak oansjen.*) Of... ik wit it miskien al. Mar miskien moat ik it net beneame.

SYBRECHT Dat liket my net ûnferstandich.

SOFY Wolst in stikje fan myn foardracht sjen? Ik wie krekt oan it oefenjen.

SYBRECHT Wêr giet it oer?

SOFY Oer Hans Baldung Grien. Sjoch hjirre.

SYBRECHT Nea fan heard. (*sjoch dia / afb. 1*)

SOFY Hans Baldung Grien wie in leerling fan Albrecht Dürer, de bekendste skilder en graveur fan de Dútske Renêssânse. Wy ha it oer begjin fyftjinde ieuw. Eins hjitte hy Hans Baldung, mar hy krige de namme Grien der by omdat hy altyd yn griene klean rûn.

SYBRECHT Grien is dochs grün yn it Dútsk?

SOFY Skerp, skerp. Mar yn it âlde dútsk fan Nürnberg wie grien noch gewoan sa grien as gers, grien. No hie dizze griene Hans foaral de lieding op it atelier fan syn freon en learmaster Dürer as dy wer ris op reis wie en krekt as hy wurke Hans benammen yn opdracht : alterstikken, portretten, ensafuorthinne. Mar guon skilderijen makke er foar himsels.

SYBRECHT Hoe lang sil dizze lêzing duorje, professor?

SOFY Salang as jo it ynteresant fine, mefrou. Hy is ynteraktyf. (*toant Afb. 2*)


SYBRECHT O. No, litte wy dan daliks mar ta de saak komme. Wat fynst sa nijsgjirrich oan dizze menear Grien?

SOFY Nijsgjirrich oan Hans? Dat ynteresearet my net sa. Sjoch hjir ris nei. Wat sjochst?


SYBRECHT In moai famke en in aaklikisma. Binne do en Jos dat?



fbeelding 1



fh 2



fh 3



fb. 4

- SOFY De taskôger mei sjen wat se sjen wol. Wol opfallend datst it oer in 'moai famke' en net oer in 'bleat famke' hast. En dizze? (*Se toant Afb. 3*)
- SYBRECHT Deselde aakliksma mei it bleate famke. Mar se fynt Jos net mear sa aardich.
- SOFY Is Jos foar dy de Dea?
- SYBRECHT (*Sjeneard*) Nee.
- SOFY Wat is foar dy de dea, Sybrecht?
- SYBRECHT Giet it dêr oer? De dea en it moaie famke?
- (*Sofy toant Afb. 4*)
- SOFY Fynsto dy famkes moai? Ik fyn se net echt oantreklik. Sjoch, dit is der ek ien: Eva is troch de slang ferliede om fan de apel te iten. De apel fan de libbensbeam. It figuer fan de Dea is troch de skilder dêrby betocht. Sûnt de minsken weet ha fan goed en kwea binne hja ommers fuortjage út it paradys. It paradys fan de sillige ûnkunde. En sûnt dy tyd witte wy dus dat it libben fergonklik is. 'Pik, ik ha dy' seit de Dea. Al dy skilderijen binne in 'momento mori' - betink dat jo stjerre moatte. In tredde part fan Europa wie krekt

útmoarde troch de pest. Dy neakene froulju binne dêr net om te ferlieden, mar om sjen te litten hoe hopeleas en om 'e nocht it libben is. Alles rint út op de dea. Ek it libben fan in frouminske. (*se toant Afb. 5*) Grien wie fassinearre troch it frouminske, fan in lytse pjut oant in romfelich útsakke âlde frou.

SYBRECHT (*wifelet*) En dat...lûkt dy?



fb 5

SOFY Wat? Dy lilke jonge froulju? Of dy lilke âlde? (*Sybrecht stoarret nei de ôfbylding*)
Bist bang om dea te gean, Sybrecht?

SYBRECHT (*stilte*) Ja. Eltse nacht.

SOFY Dat moat dyn libben dan aardich ferpeste. (*wachtet efkes op in reaksje fan Sybrecht, mar as dy komt, giet se rap troch.*) Dy fisy op it libben lûkt my hielendal net, mar ik fyn myn griene Hans sa yntregearrend, om 't er neffens my krekt besiket om himsels wei te draaien foar dy fisy.

SYBRECHT Kin dat dan? (*se toanit Afb. 6*)

SOFY Se sizze wolris datst eltse dei libje moast, as wie it dyn lêste. Mar hoe soargeleas kinst fan it libben genietsje as wilst datst moarn ophongen wurdst? Of as in man yn in wite jas dy ferteld: 'Mefrou, jo ha kanker. Jo ha noch ièn moanne'. Dan moatst dus libje as in soldaat op it slachfjild. Sa as doe mei de pest, of mei dy aids epidemy. Moatst dan eltse dei besykje der út te heljen wat der yn sit? Mei de dea op 'e hakken? Libbesto mei de dea op 'e hakken?



fb. 6

(wer giet se fierder ear 't Sybrecht wat sizze kin) Dit skilderij hinget yn it Louvre yn Paris. 'De ridder, de dea en it famke'. De keunsthistoarisy witte eins net rjocht wat se der fan tinke moatte, dat jout my dus moai de romte. Reade prins op it brune hynder skaakt in moai jongfaam, mar de Dea hat har jurk al tusken de tosken. Sjochst, dy aakliksma dêr yn de hoeke. De terms puolje ut syn liif. No kinst tinke: 'De Dea sil har grif efterhelje, de Dea stiet altyd om it hoekje te gnuven. Do kinst altyd samar it hoekje omgean. Momento mori'. Mar do kinst ek tinke: Nim my mei, lit my gean, lit my libje. Ik kom de dea wol tsjin as hy der is'.

(Sybrecht sjocht nei har, se is alhiel sjarmearre troch har entûsjasme, troch wat se seit, sa as se der utsjocht.)

Wat sjochst my no oan? Do fynst my in naïve romantikus.

SYBRECHT Ja, ik fyn dy in leave romantikus....

SOFY In *leave* romantikus?

SYBRECHT Ik bedoel, in naïve. In naïve romantikus, dy't grut gelyk hat. *(glimket, mar sûnder irony)* 'Nim my mei. Lit my gean. Lit my libje.'

SOFY Is dat dyn geheim? Bist ek in romanti.. -kus?

(Se giet rjocht tsjin Sybrecht oer op de bank sitten. Se sjogge mekoar oan. Dan tutet Sofy, Sybrecht. Sêft, ûnwennich. Nei de tút wol Sybrecht wat sizze, mar Sofy leit har fingers op Sybrecht har lippen. Dan tutet se har opnij, mar no wyld en boartlik. Se triuwt har nei efteren, makket har oan it laitsjen. Wylst Sofy boppe op Sybrecht leit, sjogge se mekoar yniens djip yn de eagen.)

SYBRECHT Somtiden, as ik my in kear lokkich fiel, wol ik dat der neat mear bart, dat alles stil stiet.

SOFY Wêrom? Dan kin ik dy mar ien kear tútsje. Stilstean is in foto, ien klik – boem pats, dea. It is dochs folle moaier om te sjen wat der no wer barre sil.

SYBRECHT Wat sil der no wer barre?

SOFY Miskien gean we tegearre nei it Louvre. Miskien komme do en Jos wer by mekoar. Miskien wurde wy tegearre âld. Miskien jou ik dy noch in tút.

SYBRECHT Miskien komt der no ien yn.

(Der slaat in doar ticht. Se hearre fuotstappen. De stim fan Jos.)

JOS Sofy?

SOFY Hjir bin ik! *(sêft, sjocht nei Sybrecht)* Ik lis mei dyn frou op bêd.

SYBRECHT Nee, ik lis mei syn frou op bêd.

(Se prûste sêft, hâlde mekoar fêst. Jos komt op, mei de post in syn hannen dy't hy trochlêst. Hy sjocht de twa op de bank net.)

JOS De Wolwêzenkommisje hat myn hûs “Winterwillenocht” goedkard. As Sybrecht en Jetske en Berber der net yn wenje wolle, dan ferkeapje ik it hiele projekt. Hoe is it mei dyn wurkstik?

SOFY Ik bin slagge.

(Jos sjocht no Sofy en Sybrecht op de bank. De twa komme oerein. Jos is suver skrokken, mar besiket it te negearjen.)

SYBRECHT Dei Jos.

JOS Eh...bin ik te let? Of bisto te betyd?

SYBRECHT Eh...

SOFY Se kaam presys op tyd. En do kaamst wier net te betiid.

SYBRECHT Dus...do giest it hûs ferkeapjen?

JOS *(kwetst)* Ja. Fansels sil ik it ferkeapje. Wat tochst?

(tsjuster)

Sêne 5

De geast fan Kryst

(By Ruurd en Jetske thús, om Kryst hinne. Sybrecht op de bank. Ruurd sit mei in ludike skelk foar yn syn stoel, in koksmûtse op en in sleef yn de han. Sofy jout Berber, dy't noch mei in net útpakt kadootsje yn de han stiet, trije tuten. Berber fielt har der wat ûnhandich troch.. Jetske stiet mei in blêd fol kopkes by de doar, in tillefoan tusken de holle en it skouder klamd.)

- BERBER Bern, wat aardich. Dat hiest echt net dwaan moatten. Wat is it?
- SOFY Pak mar út.
- BERBER *(pakt it út)* Ik tocht wier datst Ant lutsen hiest. Sy is by eintsje beslút wat mear fan dyn eigen jierren, want wat moatst no mei al dy âlde wiven? Jetske is altyd sa ôfgrislige handich om it tafal in bytsje de goede kant út te stjoeren, mar no sitst mei my opskipe. En ik hie net iens in listke makke, want ik hie it smoar drok.
- JETSKÉ Do kinst it dak fan dyn Porsche net ticht krije?
- BERBER Wat prachtich...! Wat..eh..wat kinst hjir mei?
- JETSKÉ Jos kin it dak fan syn Porsche net ticht krije.
- SOFY Dat is in stappeteller. Dan kinst eltse dei presys sjen hoe fier ast rûn hast.
- SYBRECHT *(tsjin Jetske)* Sis 'm dat er in taksy nimme moat.
- BERBER Se betinke sa njonkenlytsen ek fan alles. Plakst dat ûnder dyn fuotten dan?
- JETSKÉ Kinst net in taksy pakke, Jos? Wy binne al begûn.
- SYBRECHT *(yn harsels)* Wy binne al hast klear.
- RUURD It is ôfgryslig handich. Hjirmei kinst better op dyn tellen passe. Hoechst nea wer in misstap te setten.
- SOFY Seker de grappichste thús, op de doarkruk nei.
- RUURD Eh..
- JETSKÉ Ik moat dy ophingje, Jos. Ik moat de hapkes ophelje. Oant anst. *(ôf)*
- SOFY Mei in stappeteller kinst presys sjen hoefolle ast rinst op in dei. Kinst 'm yn de broeksbûse stekke as oan de bân fan dyn rok drage, sjoch sa. Yn dit boekje kinst de stân byhâlde. Dêr stiet presys yn hoefolle ast eltse dei en eltse wike bewege moast. Sybrecht sei my datst dy altyd út de naad rinst, wylst tinkst datst mear oan sport dwaan moast. Ik tocht: sa komst it sels presys te witten.
- BERBER Ja,. Ja..Oe sa leaf fan dy.

(Ut de keuken wei hearre wy in protte lûd en geraas. Jetske hat blykber it blêd út de hannen falle litten.)

Och heden. Lit my mar. *(ôf)*

SYBRECHT Ik sil wol efkes meihelpe. *(tsjin Sofy)* Kinsto miskien de kok efkes dwaande hâlde. Hy is hiel nuet, hear. *(of)*

(Sofy sit op de bank. Ruurd en Sofy sjogge mekoar wat ûnwennich oan.)

RUURD It muoit my fan sa krekt.

SOFY Wêrom? Ik tocht dat ik de lullige opmerking makke.

RUURD Ferdomd, dat is ek sa. Dat wie in lullige opmerking. Ik stean hjir foar peal yn myn eigen hûs. Dan moatsto dy ferûntskuldigje.

SOFY Moai net. Do begûnst.

RUURD Lokkich. Mei ik dan myn ferûntskuldiging werom nimme?

SOFY Graach. *(stilte)*

RUURD Bûtendoar gedrage de measte lju harren ûnbeskoft en thús binne se dan wer krekt stikelbaarchjes.

SOFY Ja, dat is wier. Dat hast goed sjoen. *(stilte)* Mei Berber my net lije?

RUURD Jawol. Mar se is in bytsje jaloersk.

SOFY Jaloersk? Op my?

RUURD Op jimme beide. Berber is no sa'n fiif jier lyn skieden en se besiket fan alles om wer oan de man te kommen, mar it slagget net.

SOFY Is sy te kritysk?

RUURD Dêr hat sy nei har lêste keardel alle reden ta. Berber heart thús yn de kategory: altyd op it ferkearde type falle. No ja, as allinnichsteande mem mei in dochter bist op de merke net sa'n goed rinnend artikel. Wylst it in fanke fan goud is. En stikels hat se net.

SOFY Nee, Berber is gjin stikelbaarchje.

RUURD En Sybrecht docht der neat foar. Se dumpt Jos, en hoeperdepoep, dêr komt de haadpriis as in bret hoantsje har mûle ynflleanen. Oeps, ferkearde byldspraak.

SOFY Hintsje? Bret hintsje?

RUURD Ik moat net grappich wêze. Ik moat net grappich wêze. Ik moat net grappich wêze. Sizze myn bern ek. En ik sit hjir al foar lulhannes, mei dy mûtse op.

- SOFY Wat is der mei Jetske?
- RUURD *(skrikt)* Jetske? Neat. Neat.
- SOFY Se is hiel oars as de lêste kear. Nerveusich. Wêrom liet sy dat blêd út de hannen falle?
- RUURD Do hast dyn eagen net yn'e bûse. En dyn tonge trouwens ek net. Linke kombinaasje. Hoe is it mei Hans Baldung Grien?
- SOFY Goed. *(Lyk as se him wat nijs fertellet:)* Hy is dea.
- RUURD Krekt. Jetske...*(stilte, hy skinkt himsels in glês yn en dêrnei pas ien foar Sofy)* Ik wol net as in stikelbaarchje om de hite brij hinne draaie, mar... somtiden dan wolst net...of dan kinst net...Lit ik sizze – want dat is yn elts gefal echt sa – Jetske hopet stikum dat dit útstelde Sinteklaas-Kryst-hearlik jûntsje der op út draait, dat har plan om aanst mei syn allen yn ien hûs te wenjen, it hûs dat Jos ûntwurpen hat en dat no dus yn de steigers stiet – dat dat der dochs fan komme sil. Nettsjinsteande...alles. Dat wy dêr dus mei syn allen hiel noflik âld wurde sille. Elts op syn eigen stekje, dat wol. Mar dochs wol mei Berber, en mei Sybrecht. En mei dy. En Jos yn syn eigen appartemint. Mar ek mei dy, want do hearst by Sybrecht. En persoanlik mei ik dy hiel graach lije, dus ik bin der wol foar. Mar ik ha al tsjin Jets sein: Sofy sjocht it nei alle gedachten net sitten om yn sa'n senioren-kleaster opslúten te wurden.
- SOFY Dêr ha Sybrecht en ik it al oer hân.
- RUURD O. No, fertel dat straks mar oan de oaren, yn elts gefal, net om te te flaaikjen, mar Jets en ik fine beide dat Sybrecht mei dy, in lot út de lotterij wûn hat. Se glânzget wer, draacht har holle wer as in fearke. Krekt as yn ús studinte-tyd yn Grins, doe't wy alle kroegen ôfrûnen.
- SOFY Sybrecht is ek foar my de haadpriis.
- RUURD Ja? Ja. Sa ha wy it noch net besjoen; wat Sybrecht foar dy betsjut....
- SOFY Sybrecht is foar my - gjin memmefiguer, net it 'mantsje' en ek net it 'froutsje'. Sybrecht is ... Ik hâld fan de wize, sa at se opsjen kin fanút in boek: sa ôfwêzich, sa melancholysk. En at se dan nei dy sjocht dan sjocht se hielendal nei dy. Sy kin sa ferlern wêze yn harsels, harsels så ferjitte. Oare minsken, lyk as ik, binne altyd sa...fol oer har eigen. Sybrecht net. Ik hâld fan har twifel, har ûnsekerheid, fan har absolute ûnfermogen om ûnearlik of ûnoprjocht te wêzen. Hoe kinst no net fan Sybrecht hâlde?
- RUURD *(glimket)* Ja.
- (Leven fanút de keuken wurdt hieltyd lûder; wy hearre Berber en Sybrecht lûd laitsjen.*
Mei Jetske efter harren oan komme se yn de keamer.)

- BERBER Jos hat him as Krystman ferklaaid, gau sitte. Hy wol ús ferrasse. Wy witte fan neat, wy witte fan neat. Sko's op mei dyn gat, leave. *(se giet neist Sofy sitten, Sybrecht oan de oare kant fan Sofy.)*
- SYBRECHT Jets hat him efterom stjoerd.
- JETSKE Toe no, Ruurd net sjen. Hy tinkt dat it ferrassing is.
- RUURD Moatte wy net sjonge?
- JETSKE Sjonge?
- BERBER Ja, Jezus. Wat sjongst foar de Krystman?
- JETSKE En Ruurd, pak efkes wat út. Sabeare.
- BERBER 'Hoor de wind waait door de bomen...
- ALLEGEAR 'Hier in huis zelfs waait de wind. Zou de goede Sint *(Ruurd en Sofy: Claus)* wel komen, nu hij het weer zo lelijk vindt. Nu hij het weer zo lelijk vindt. *(Jos ferskynt yn de tún, mei mûtse, burd, jaske en in belle yn de han. Hy sjocht der wat ferheistere út en is licht oansketten. Wylst elkenien him sjoen hat, bliuwe se stiif konsintrearre op it útpakken fan de kadootsjes.)* Ja hij komt door donkere nachten, op zijn paardje *(Sybrecht en Ruurd: Porsche)* o zo snel'.
- SYBRECHT 'Kwam hij maar een keer op tijd, ja dan wist ik het wel'.
(Jos lûkt oan de tûndoar, mar dy sit op slot. Jetske docht kwasy ferrast de doar iepen, wylst de oaren trochsjonge.)
- JOS *(lichtlik yrritearre)* Sjoch ik der út as Sinterklaas, ja?
- BERBER 'Jingle bell, jingle bell, jingle all the way...'
- SYBRECHT Gean jo sitten, menear de Krystman. *(se stiet foar him, Jos nimt plak tusken Sybrecht en Sofy.)*
- JOS Tankewol, famke. Wêr is....*(sjocht yn it rûn; hy siket Ant.)*
- SYBRECHT Spitich genoch binne der gjin ûndogenske berntsjes by.
- RUURD De Krystman giet wol mei de moade mei, foar in part dan.
- BERBER It is perfekt foar op tillevysje. Lykas Beatrix mei Kryst, sa healwei.
- JOS *(jout it op)* Hy woe syn broek net útlûke.
- JETSKE Wa net?
- JOS Dy Krystman fansels.

RUURD Dat is it foardiel fan Sinteklaas: dy draacht gjin broek.

JOS Wêr is Ant?

JETSKE Hokker Krystman?

JOS Fan wa 't ik dit pak kocht ha fansels.

SYBRECHT *(krekt as snapt se it)* Ja, fansels.

SOFY Do kaamst op strjitte in Krystman tsjin en doe hast syn pak kocht?

JOS Foar hûndert euro. Njonken de Blokker siet er.

SYBRECHT Foar hûndert euro? In heal krystmanne-pak?

JOS Hy woe it earst net jaan. Ik woe jim ferrasse. Om't ik wat oan de lette kant wie.

JETSKE Mar dat is hiel goed slagge hear.

BERBER Wy binne ús dea skrokken.

SYBRECHT En doe hast mei dy fint dyn klean ruile? En dy taksy ûnderwilens mar wachtsje litte?

JOS Ja, no en? Dizze jonge hat tafallich krekt wol efkes in fantastyske 'deal' makke. Dat wurdt pas echt in ferrassing. Foar jimme dan. Hast miskien wat te drinken foar my Jetske? Ik smoar fan de toarst. Wêr is Ant eins?

SOFY Ik fyn it echt hiel moedich fan dy, Jos. *(hy sjocht har lilke oan.)* Nee, ik mien it, serius. Wa fan ús soe it lef ha en docht soks? Hoed of!

JOS Do fynst my gewoan in lul. *(Hy lûkt syn mûtse ôf.)* Hoed ôf. Sis it no mar. Kin my gjin reet skele. Jim fine my allegearre in lul. No dan bin ik mar in lul. Ik bin in lul!

BERBER Ik fyn dy gjin lul.

JETSKE Net ien fynt dy in lul.

(se sjocht nei Ruurd, dy't wyld nee knikt, en Sybrecht docht fuortendaliks itselde.)

SYBRECHT Hiesto miskien Ant lutsen?

JOS Ja. Wêr is se? *(hy drinkt roppich syn pilske dat Jetske foar him delsetten hat.)*

RUURD No net om it ien as oar Jos, mar de hoefolste is dit?

JOS Ik ha wat te fieren. Sei ik doch.

BERBER Och skat, wat begrutlik. Wiesto dat? Ant hat op it lêste momint ôfsein. Se hat in nij freontsje en no moasten se perfoarst fan'e jûn in nij soart kondoom útprebearje. Ja, ik fyn it ek neat, hear. Sjoch my der net op oan. Ik bin in 'slechte moeder'. Ik ha noch sein: dit jout gjin pas.

RUURD Dat hast mei kondooms. It jout noait pas. Altyd te grut, te lyts of te let.

BERBER Earlik wier, ik ha drige om har in jiskebak nei de holle te smiten. Mar ja, dat rekket ha net. En ik witst net wa't har lutsen hie. *(tsjin Jos)* Dat sadwaande koe ik dy fan te foaren net warskôgje.

RUURD En wa hie Ant dan lutsen?

JOS Got....gloeiede....

BERBER *(tsjin Ruurd, wylst se in kink mei de holle rjochting Jetske jout.)* Dat ha it mei nommen.

JETSKE Ja, dit is no echt lullich foar dy. Sil ik in glês wetter foar dy helje?
(Jos lukt syn reade jaske út. Mar it burd wol net mei.)

SYBRECHT Wat hiest foar har?

JOS Nah....neat bysûnders.....*(stilte)*...

SOFY It hat grif mei dat pak te krijen.

JOS Ja, tafallich wol ja. Gewoan, in eh....

BERBER Ik bin no wol nijsgjirrich.

RUURD In Kryststeur? Krystkrânskes? Hulst?

SYBRECHT As mear wat yn in oare priisklasse?

JOS Nee. Neat. Gewoan. In skifakânsje yn Switserlân foar twa persoanen.

BERBER In skifakânsje? Wy hienen in maksimum fan € 25, - ôfpraat.

JOS O ja?

SYBRECHT Mei dy?

JOS Mei my ja. Tafallich wol ja. Mar sy mei fan my ek mei dat freontsje hear.

SYBRECHT Jos wêr bisto mei dwaande? Dat is berneferkrêfting.

JOS *(springt oerein, skuort oan syn burd los, mar dy lit net los)* O ja? No, dat moatsto nedich sizze, mei dy Lolita fan dy. Gotfer, dat kutburd.

- JETSKE Lit my mar efkes. (*wylst sy him fan efteren de burd ôfdocht.*) Dat is net aardich fan dy om te sizzen Jos, net tsjin Sybrecht oer mar ek net tsjin Sofy oer. Sille wy it der mar ophâlde dat de Krystman te djip yn it gleske sjoen hat?
- BERBER Do hoechst dochs net jaloersk te wêzen op dy beide?
- SOFY O, nee? Wêrom net?
- RUURD Ik bin ek hiel jaloersk op dy twa, hear. Bisto net ergens ek in hiel lyts bytsje jaloersk op dy beide, Berber?
- JETSKE Kinne wy it ek in bytsje gesellich hâlde?
- BERBER Wat sille wy no ha? No is Berber de siel, om't se noch hieltyd net in man oan de heak slein hat? En dan moat ik jaloersk wêze om't de 'Moaie Sliepster' hjir har eagen iepen docht en der in jong huppelkutsje foarby fytsen komt.
- JOS Presiis, presiis!
- RUURD Leit it oan my, of rûk ik hjir de rook fan jaloerkens?
- SYBRECHT (*oerein*) Ik gean fuort. Giest mei Sofy?
- JETSKE Ophâlde! Snuten ticht! (*Eltsenien wurdt kjel, dit kenne se net fan Jetske. Se skrikt der sels ek fan.*) It muoit my. Sybrecht, wolst asjebleaf noch efkes sitten gean? En do ek Sofy? Hiel eefkes mar, foardat jim fuort gean. It spyt my dat it allegearre sa.. rint, sa as it rint. No ja, wêrom ferûntskuldigje ik my dêr no eins foar? Ik hie my dizze jûn wat oars foarsteld. Ik hie hope dat net allinnich ús âlde plan...om mei elkoar yn ien hûs....Mar der is ek noch wat oars wat ik jim fertelle wol...
- RUURD Leave. It liket my no net it geskikte momint om dat no....
- JETSKE Nee, nee, Ruurd, wachtsje efkes. It is nea it goede momint. It is altyd it ferkearde momint. Eh hoe sil ik it sizze? Ik moat it eefkes op in rychje sette. Dat gehottiefiel fan jim.. – jim wolle inoar sear dwaan, mar dat wolle jim net echt, der leauw ik neat fan. Minsken dogge inoar sear, om't se fan in oar hâlden. Ja Robbert, dat stiet grif ek yn de Libelle. Mar ik tink dat earne..., dat op in bepaald plak. Doe't Sybrecht en Jos út mekoar giene, doe tochten wy allegearre, it wurdt neat mear mei dat hûs. Mar Jos hat echt wat moais makke, dat echt goed trochticht is. Better as de Krystman sil ik mar sizze. In hûs dêr't wy mei elkoar yn wenje kinne, en by elkoar wêze kinne, en dêr't elk, dochs ek op syn eigen wenje kin. Dat is dochs wat wy woenen? Meiienoar....âlder wurde. Mar ja, dat hâldt ek yn....akseptearje wy dat it libben...feroaret. Foar de ien rint it libben earder ôf as foar de oar. Sa...rinne dy dingen. Of der bart wat oars. (*se praat flugger*) Miskien fynt Berber dochs de man dy't se fertsjinnet, want se is echt net...se is echt net sa jaloersk...., as datst tinkst Ruurd.
- BERBER (*Komt nei har ta en slaat de earms om har hinne.*) Fanke, wat is der mei dy?

JETSKE Lit my mar efkes. Ik wol it efkes ôfmeitsje. Wêr wie ik? En Sofy is der bykommen. Ruurd en ik seinen lêstendeis tsjin mekoar: Dat Sofy yn ús krinkje kommen is, is miskien wol it moaiste sûnt wy sels bern krigen ha. Mar do moatst wol útsjen foar Ruurd hear, want hy is stikum fereale op dy en dan lit er syn heite gefoelens op dy los. En wy snappe bêst, Sofy – Sybrecht hat it my útlein - datst it hielendal net sitten sjochtst om mei sa'n klupke aspirant-âldsjes ûnder ien dak wolst wenje. Mar dat hoecht ek hielendal net. Wy kinne –

SOFY Ik wol bêst mei jim yn ien hûs wenje. Ik fyn jim echt hiel aardich, dat is it punt net. En wêr Sybrecht is, dêr wol ik ek graach wêze. Ik kin allinne net oer al dat plannen. Ik begryp bêst dat jim dêr ferlet fan hawwe, mar foar my sit it libben sa net yn mekoar.

RUURD Mar do hast der gjin beswier tsjin?

SOFY Nee.

RUURD *(Tsjin Berber)* En do ek net?

BERBER Ik? Hoe komst derby? Bern, do bist fan herte wolkom. *(se jout har in tút)*

SYBRECHT En giet de Krystman dan ek mei?

JOS Wat? Ja. Nee, fansels. Allinne.. *(Hy sjocht nei Jetske)*

JETSKE Allinne...Ik wie noch net hielendal klear mei myn ferhaal. *(stilte)* Ik tink dat ik der net by bin.

BERBER/SYBRECHT *(troch mekoar)* Wat? Hoesa? Wat bedoelst?

JETSKE It skynt dat ik in tumor ha.

BERBER *(pakt har flink fêst)* Ik witst datsto soks sizze soest. Ik witst it. Mar wy litte dy net los, hearst. Wy litte dy net los.

JETSKE Au.

BERBER Hoe kin dat no, Jets? Hoe kin dat no? Wêrom hast it my net earder ferteld? Mar dêr hoechst dochs net perfoarst dea oan te gean? Do fielst dy dochs hartstikke goed? Do sjochtst der fantastysk út.

JETSKE It is sa grut as in....apel. Wie it in apel, Ruurd?

RUURD In tennisbal.

JETSKE Dy binne dochs beide like grut? Wêrom neame se it dan gjin apel? Ik ha neat mei tennis.

BERBER Jezus, Jets.

- JETSKE Ik moat eefkes wat dwaan. Ik ha gjin nocht om hjir sitten gean te gûlen. Wolst my efkes mei helpe? Ik ha fan dy krystragûbakjes yn de oven. (*healwei de keuken draait se har om*). No bin ik noch dy sin fan John Lennon ferjitten. Hoe wie dy ek wer, Ruurd?
- RUURD ‘Life is what happens to you when you are busy making other plans’.
- JETSKE Ja dy. Moai, hê? Dy wie ik fergetten.
(Of mei Berber. Stilte. Sybrecht stoarret troch it rût. Jos pjukket yn syn burd. Sofy sjocht nei Sybrecht.)
- RUURD Dy wie se ferjitten. Te drok mei it meitsjen fan plannen.
(Nei in skoftke rint Sofy nei Sybrecht. En nimt har gesicht yn de hannen.)
- SOFY Wolst net even nei dyn freondinne? Efkes meihelpe? (*Sybrecht knikt*) Wolst dat ik hjir bliuw?
(Sybrecht skoddet har holle. Giet oerein, krekt foardat se nei de keuken sil, rint se nei Ruurd en jout him in tût op de foarholle. Sybrecht en Sofy ôf. De beide manlju binne in momint yn harsels keard.)
- RUURD Noch wat drinke, Jos? Pilske? Of wolst wat sterkers?
- JOS Doch mar, in eh.....
(Hy begjint te kucheljen, mar hat blykber in kikkert yn de kiel dy’t der net út wol. Wylst hy oergrysliek begjint te hoastjen en te racheljen hellet Ruurd syn heupfleske út it earste bedriuw wer foar it ljocht en skinkt twa gleskes yn, en set der ien fan foar Jos del.)
- RUURD Dy deal wêrst it oer hiest. Wat wie dat?
- JOS Ik ha it ferkocht. Ik ha alles ferkocht, Ruurd, it hiele hûs. Mei fergunningen en alles. Got, wat bin ik in kloatsek. Ik ha it ferkocht. Ik tocht, it wurdt dochs neat mear. En ik wie lilck op Sybrecht. Ik woe net mei har yn dat hûs wenje. En ik woe net dat sy sûnder my yn dat hûs wenje soe. Witst ik folle fan Jetske....
- RUURD Ferdomme, it wie dochs ek ús plan? Man, it is it ienniche dêr’t sy noch nei ta libbet. Hoe kinst no sa stom wêze, sa egoïstysk? Is der neat mear oan te dwaan? Kinst net in nij hûs bouwe?
- JOS Miskien, mar dat kostet jierren.
- RUURD Wa binne dy keapers? Ik treiterje se der út!
- JOS Man, doch normaal.

RUURD Ien ding. Do seist gjin wurd hjiroer tsjin Jetske. En ek net tsjin Sybrecht en Berber. Gjin wurd. Wy moatte earst tiid winne. Allinne, dy ha wy net safolle mear.

JOS Oké. (*nimt in slok*) Hoe wie dat sitaat fan Lennon ek mar wer?

RUURD Ik wit it net mear.

JOS Nee?

RUURD 'Shit happens'?

Sêne 6

Epiloog. In nij begjin.

(In leech hûs. In nij hûs. Wyt, gjin meubels. Yn in hoeke stiet in workmate as soksawat, dêrst ek op sitte kinst. Oan de muorre, miskien neist de doar hinget in flatscreen byldskerm. Ruurd pielt mei de knopkes fan it skerm, mar der bart neat. Syn jas leit oer de workmate. Sybrecht komt der hastich yn en hat har jas oan.)

SYBRECHT En?

RUURD Niks.

SYBRECHT Hoesa niks?

RUURD Niente, nada, nop.

SYBRECHT Wat bedoelst mei niks?

RUURD Niks.

SYBRECHT Niks is ek mar niksich. Is der niks mear te sjen...

RUURD *(skealik)* uh....

SYBRECHT - of is der gjin foarútgong?

RUURD Ja, nee. Ien operaasje, trije gemokuren. En wat hat it medyske sirkus yn twa jier tiid oplevere? Niks. It is gjin tennisbal, mar in jojo. No is de ferwachting trije moanne – of trije jier. Mar ja it kin ek.. *(slaat syn hannen op nei de himel.)*

SYBRECHT – noch goed komme.

RUURD Ja. Nee, it komt it yn elts gefal net.

SYBRECHT Dat witst nea. Mei dy kunde fan myn kollega wie dat dochs ek sa?

RUURD Ja, as ik in skeet lit komt der in ingel út. Alles kin. *(stilte)* Wêr ik net oer kin is dy ûneindich ferlingde ûnsekerheid. Ut en troch – woe ik dat se dea gie.

SYBRECHT Wat seist no?

RUURD Ik hâld fan har. Ik ha ferdomme noch nea sa'n soad fan har holden. Mar dy langsume ôftakeling, dat hopeleaze ôfglydzjen...Nachts lis ik wekker en dan tink ik: Pillen! Wêr kin ik dy pil fan Drion krije? Is dêr gjin Kolumbiaanske maffia foar? Of moat ik it mei in kessen dwaan, yn har sliep? Of mei in tou? Mar ja, ik bin echt wier te lef, te skytsekkerich; ik fergapje my allinne mar yn fantasijen dat it úteinlik ophâldt. *(Hy skopt healslachtich tsjin de workmate, mar ferlûkt syn antlit dochs fan de pine.)*

- SYBRECHT Dyn tean?
(Ruurd knikt. Sybrecht krûpt him fan efteren oan, leafdefol sa't in mem har bern omklammet.)
En Jetske?
- RUURD Jets is in bliere strûsfûgel. 'De wierheid ûnder eagen sjen' is it stomste watst dwaan kinst ast der allinne mar lêst fan hast, lyk as ik. Se is sà ferskriklik bliid dat se it helle hat, dat 'ús hûs' klear is, eart se de piip út is. Sjoch hjir is ús sliepkeamer. *(hy ffochtet tsjin syn triennen)* As it in bytsje mei sit dan kin we har mei de iepening hjir opbiere. Mei sa'n kuolling.
- SYBRECHT Ruurd, hâld op, ho, ho. Do bist gjin leffert, mar do bist wol....
- RUURD In slappe lul?
- SYBRECHT Nee. Do bist bang en fertrietlik. En do hast meilijen mei dysels. Mar dat mei no efkes net. As Jets net mear wol, at se it net mear folhâldt dan help ik mei om dy Drion te sykjen. En Berber ek. Mar salang at sy it úthâldt, moatsto it ek folhâlde. Moatst har stypje. Moatst bliid foar har wêze.
- RUURD Ja. Ja. Dat is ek sa.
- SYBRECHT Wêr bin se eins? Is Berber der al?
- RUURD O, boppe earne. Yn dy unit, dêr't Jos en do, nea wenje sille.
- SYBRECHT Do bedoelst Sofy en ik?
- RUURD Wêr Sofy en do nea wenje sille, ja.
(Stilte)
- SYBRECHT En wat is dit foar ding?

(Se drukt op in knop neist de flatscreen. We sjogge in byld fan Jos, Berber en Jetske - mei in apart mûtske op, dy't har kealheid ferberget - yn in moderne sliepkeamer. We hearre de stim fan Jos. Salang it ding oanstiet prate Ruurd en Sybrecht dimmen.)
- JOS Ek hjir is de sanitêre unit drompelleas. Gjine opstapkes, gjine drompels, gjine rântsjes. Wol in anty-slipflinter en spesjale sensoaren dy't registrearje as immen falt.
- RUURD In soarte ynterkom, troch it hiele hûs.
- BERBER Handich Jos, ek tsjin ynbrekkers.
- JETSKE Ynbrekkers? Hast dy hjir dan?
- SYBRECHT Handich. Datst mekoar yn de gaten hâlde kinst?

RUURD Dat is it idee, ja. In soarte mini Big Brother foar dyn eigen bêstens. Mar it skynt datst it ek útsette kinst, hear. By manljusbesite. Of ast ôfrekkenje moatst mei in hiermoardner.

JETSKE En sit hjir ek sa'n tefeetsje yn?

JOS Yn alle romten, dus ek yn de hygiënyske units sit in spatwetterticht yntervisio-systeem dêrst yn gefal fan need assistinsje freegje kinst oan alle oare romten. Mar kinst ek ynternette, tillefysje sjen, in petear opnimme. It is allinne noch net hielendal ôfregele.

RUURD Wat sei ik dy? Der stikum tusken útnaaie sit der net mear yn.

JETSKE Ja, dat seidest al.

BERBER *(bûten byld)* En hjir komt ús heit te wenjen? Mei in geheime drankkast! Moai hin...!

JETSKE Docht dit húske it al, Jos?

(Ruurd set it byld út)

RUURD Se sille hjir sa wol wêze.

SYBRECHT Ik ha sin om dy in tik te ferkeapjen.

RUURD Dy sil ik wol fertsjinne ha. Ut leafde.

SYBRECHT Beide. Do moatst sterk wêze, Ruurd. Meist no net yn dyn trystens weisakje. Jetske hat dy nedich. Wês bliid foar har. Genietsje fan har oan de ein ta. En dêrnei.

RUURD Ja, ja. It liket wol as dat ik Sofy hear.

SYBRECHT Sofy?

RUURD Ik moat de lêste tyd in protte oan har tinke. Do ek, tink ik, altyd al. Hie'k dy al ferteld dat it begrip 'deade hoeke' in totaal nije betsjutting foar my krigen hat?

SYBRECHT Ja, Ruurd, dat hast al sein. Sofy, fyts, frachtwein, deade hoeke, dea –

RUURD It is no hast twa jier, hin?

SYBRECHT Sawat. Oer trijentweintich dagen. Mar ik tink net alle dagen mear oan har. Ik begûn in jier nei't Sofy ferûngelokke wie, te begripen dat Sofy my sels leard hat om har dea te oerlibjen.

RUURD Falt dêr in frouljusblêd op de matte?

SYBRECHT Ruurd, hâldt dochs op mei dyn sarkasme. Do bist benaud en dat begryp ik. Mar do ferskûlest dy efter dyn eangst. Wat ik fan Sofy meikrigen ha is datst

alles loslitte kinst. Net altyd, net hieltyd, mar it kin. Do hâldst fan Jetske, mar der sit ek eangst by, eangst om dea te gean, om allinne te stean, om gjin befestiging te krijen, eangst foar de leechte.

Do bynst dy út eangst, ik doarde my net te binen út eangst. Mar wêr binne wy sa benaud foar? Lit it los, Ruurd, lit it gean, lit Jetske gean as it moat. Hâld it net fêst mar genietsje fan wat it libben dy jout.

- RUURD Jetske fûn dat – at sy dea is – dat do en ik dan..hjiirre....
- SYBRECHT Dat dogge wy dus net. En al hielendal net om har memme winsken postúm te befredigjen.
- RUURD Jets is net bang om dea te gean. Sofy ek net. Do en ik wol. En wy bliuwe libjen. Dat is dochs bizar.
- (Berber en Jos komme deryn)*
- BERBER Wêr is Jets?
- SYBRECHT By jimme dochs? Dei Jos. *(Sybrecht en Jos jouwe mekoar trije formele tuten. Se binne freonlik, mar ôfhâldend.)* It is moai wurden. Ik ha it noch net hielendal besjoen mar... hiel iepen, hiel funksjoneel. Hiel wyt.
- JOS Hast dyn eigen appartemint al besjoen?
- SYBRECHT Nee, noch net.
- BERBER Se moast nei't húske.
- JOS *(Wylst hy in kartonnen doaze iepen makket wêr glêzen en in flesse sjampanje yn sitte)* Miskien is se nei it húske yn de súdfleugel.
- BERBER Is dat dy kant út? Hoefolle baaikeamers hat dit paleis?
- RUURD Se komt wol wer boppe wetter, Berber. Se wol har út en troch efkes werom lûke.
- JOS Om it heuchlike feit te fieren dat lang om let ús projekt realisearre is en om't wy no einliks wer ris allegearre by mekoar binne, woe ik fan dizze gelegenheid gebrûk meitsje en traktearje jimme op in gleske sjampanje. As der gjin beswier tsjin is?
- RUURD No goed dan. As it fegetarysk is, doch ik mei.
- SYBRECHT Wy wachtsje wol efkes op Jetske?
- JOS Fansels.
- RUURD *(Wylst Jos ynskinkt)* Kinst it better yn in glês dwaan dan tsjin de muorre kwakke.
- JOS Presys.

- RUURD No, wat tinkt jim? Sille wy hjir lokkich wurde?
- BERBER At Sybrecht leart om myn troep te ferdragen en ik har oprombuien en as ik lear om ús heit ûnder de tafel te drinken – sil dat grif slagje.
- SYBRECHT Dat ha wy allang leard. Witst noch fan ferline jier yn Sardinië, Ber? Doe hast my in stoomkursus gaos meitsjen jûn.
- BERBER En bist mei flach en wimpel –
- (Ynienen floept it byldskerm oan. Jetske ferskynt, op it húske. Se draacht in mûtske dat har hiele holle bedekt, gjin hier komt der ûnderút. Se hat krekt in knopke yndrukt en sjocht no ynspannen nei eat neist de kamera. Se twifelet by bepaalde wurden: is dit wol it goede wurd; sprekke jo dat sa út?)*
- JETSKE Soe dit dêr foar wêze? Ik sjoch hjir wol wat knipperjen. Mar hy docht neat. Wol sa goed. Kin ik efkes repetearte?
- SYBRECHT Hoe kin dit no?
- JOS Nim my net kwea ôf....*(Jos drukt driftich op wat knopkes neist it byldskerm, mar krijt it der net wei.)*
- JETSKE Eh....efkes sjen....bêste allegearre. Bêste minsken. Leave..., bêste....no ja barst. Se binne der no allegearre. Ik moat it no sizze. No kin it noch.
- RUURD Lit mar Jos, lit mar.
- JETSKE Leave freonen, - minsken, - allegearre. Ferdoarje, sjoch net sa nei my. Ik wol net dat jim my in stakker fine. Wat no, in keale kop? Jim ha krekt sa'n keale kop. Mar dan mei hier der op. Kopke kofje, hin? *(tikket tsjin har foarholle, gnysket)* Eh, kopke, kopke! Wat sit ik no te jeuzeljen. No ja, de kop is dêr ôf. Wat sis ik: de kop giet dêr ôf. Hopperdepop, fuort kop. *(gnysket wer, is dan ynienen tryst)* Ik bin wier wol goed by de holle, hear. It komt om't ik wier.... Blier bin. Echt ôfgrysliek blier bin. Dêrom woe ik der no in ein oan meitsje. *(elkenien kjel)* Ja. Dat tocht ik juster. Ik seach Ruurd sliepen yn syn stoel. Ik tocht: hy rêdt it ek sûnder my. No bin ik noch blier, tocht ik. Moarn, as wy it hûs sjoen ha. Dêrnei doch ik it. Dan is it mar foarby. Mar je dogge it net, hè? Wolst der dochs by bliu. Blû...blowe. Al sitst te flybkjen yn in stoel, wolst dochs papkje en....der by bliuwe. Ik wol blû..blowe. Hè god, ik woe de wurden wol út myn....kop skuorre. Ruurd tinkt dat ik sterk bin. Dat wol ik dan wêze, foar him. Mar sa sterk bin ik net, Ruurd. Ik bin ek benaud. Net as ik der aansens net mear bin, dat ha ik net. Ik kin my dêr neat by yntinke. Jonge, dat hat dochs neat om'e hakken. Ik bedoel, wat moat ik my der by yntinke? Yntinke....ik tink my deryn. En dan? Dit wie Jetske Wouters, sterke frou silleger fa?... Wat woe ik no ek mar sizze? O ja, dat ik mear bang bin foar al dat gedoch. Wat noch komt. Pine, medisinen, famylje deisizze. Dat ik dan yn sa'n, hoe hiet dat, lis en dat jim der dan allegearre om hinne stean, krekt as soe ik al yn in kistke lizze. Hè ferdoarje, dat woe ik hoelendal net sizze. Stop Jets. Goed dat ik dit no efkes op nim - troch nim. Dat mopke fan ús muoike, dat woe ik sizze. Eh.. hoe gie

dat ek alwer? It sit yn in part dat noch net fuortfretten is, hear. O ja. In muoike fan ús mem, muoike Diny, hold in hiel soad fan sjongen. (*sjongt*) “Er staat een paard, voor de... deur...” Dat genre. En doe stie eltsenien om har bêd, doe’t se dea gie. Wol muoike noch wat? Ja, muoike woe noch wol in ferske. Wat dan, muoike? En doe songen wy (*sjongt*) “Dit is het einde, dat doet de deur dicht. Daar zijn geen woorden voor, ja dat is tra lala lala, ja dat is tra lala lala” (*gnysket*) Ik bin bliid. Bliid foar Berber. Dat se einliks wer in aardige fint hat. En foar Sybrecht, dat se it libben wer oan kin. En foar Jos, dat hy syn moaie hûs klear hat, foar ús allegearre. En foar dy ek Ruurd. Foar dy bin ik it bliidst. Om’t sa’n moai minske bist. Om’t ik wit datst folle sterker bist as dat wy tinke. Mar dat sil ik dy net fertelle, dêr’t elkenien by is. By is. Dat fynst sjenant, en dan kringet it net yn dy troch. Dat sis ik wol as wy op bêd lizze, mei it ljocht út. (*tinkt nei*) Of sil ik doch mar neat sizze? Efkes sjen, wie dit no it knopke om troch te spielen?

(It byld ferdwynt. We hearre noch krekt it trochspielen fan it húske. Ruurd ferberget syn antlit.)

SYBRECHT Dit leaust dochs net?

BERBER Se komt der sa yn.

JOS It hiele systeem giet op de helling. De software doocht net.

BERBER Wy prate der mei gjin wurd oer.

SYBRECHT Dat is besopen, Berber. Se sjocht it fuortendaliks oan ús.

JOS Ik krij dat net foar mekoar.

BERBER Wat dan? Wat dan?

JOS Kinne wy net gewoan in toast útbringe? Op it nije hûs?

SYBRECHT En dan “Lang zal ze leven” seker sjonge?

(Underwilens is Jetske deryn kommen. Allinne Ruurd fernimt har.)

BERBER We kinne dochs net dwaan as wie der neat te rêden? Ik bedoel: wat kinne wy oars dwaan?

JETSKE Wat is der te rêden dan?

JOS Wy woenen...wy soenen krekt in....(*jout har in glês en skinkt yn*) in toast útbringe. Op ús nije hûs.

BERBER Omdat it krekt nul jier wurden is....

SYBRECHT ...woenen wy der wat by sjonge.

JOS (*begjint, Berber en Sybrecht falle by, dêrnei Jetske en Ruurd in bytsje*) “Lang zullen we leven, lang zullen we leven, in de gloria, in de gloria.

Hieperdepiep, hoera! Hieperdepiep, hoera! Hieperdepiep hoera!’

(Under it “hieperdepiep” tutet Ruurd, Jetske mei ynmoed. Mar Jetske sjocht op it lêst mei argewaasje rûn en ear ’t it ferske út is, skuort se har de bûsen út fan it laitsjen.)

JETSKE Jim ha alles sjoen!

(Se laket har slop, de hannen foar de eagen. De oaren laitsje pynlik mei.)

Ein